

49 Myn koffer

Wy sille nei de camping ta.
Witst wat ik yn 'e koffer ha?

1

Puzzels en fakânsjeboeken,
t-shirtsjes en ûnderbroeken.

2

Swimklean en in badhandoek,
in waarme trui, in spikerbroek.

3

Myn eintsje en myn knuffelbear,
myn piama... en net mear.

Suggestjes

- Foar de lytskes kin der ien kûplet brûkt wurde.
- It is aardich om de attributen yn 'e koffer te hawwen. As je se sjen litte, kinne de bern se beneame.
- Je kinne ek wat út de koffer helje en de bern betinke litte wat der fuort is.

Fariaasjes

- Wy sille nei de camping ta kin ek feroare wurde yn bgl.
- Wy sille hjoed nei Frankryk ta (der kinne allerhande plakken of lannen ynfolle wurde).
- Ik sil nei pake en beppe ta (der kinne allerhande nammen ynfolle wurde).
- Ynstee fan in 'koffer' kin ek 'in rêchsek of taske' brûkt wurde.